Fragen foar it fragehealoerke fan 19 septimber 2024

Underwerp: legalisearjen fan PAS-melders en ynterimmers

Achte kolleezje,

De FNP mist yn it nije regearakkoart de útwurking oangeande it legalisearjen fan de PAS-melders en ynterimmers. De lêste groep komt net iens foar yn it regearakkoart. It kabinet wol wol legalisearje mar hat dêroer gjin dúdlike oanpak oanjûn.
In soad boeren bliuwe yn de ûnwissichheid sitten en freegje harren ôf oft se no wol of net in Natoerbeskermingswetfergunning krije. It kabinet seit wol dat dy fergunning der komme moat, mar net mei hokker oanpak. Dit jout gjin hâldfêst foar de takomst. Koart sein, foarsitter, it bliuwt ûnwis foar de ûndernimmers.

Foarsitter, op 23 febrewaris 2023 hat de FNP skriftlike fragen steld oer it FPLG en fragen oer PAS-melders en ynterimmers. Dêr is op 21 maart 2023 in antwurd op kommen. Yn it antwurd is doedestiids in útlis jûn oer de stân fan saken.
Goed oardeljier fierder binne we benijd wat der no bekend is by de gemeente Achtkarspelen oer de PAS-melders en ynterimmers. De FNP hat dan ek fragen fan deselde strekking as de foarige kear.

De FNP had dêr noch hieltyd noed en soargen oer foarsitter. We hawwe dan ek in tal fragen oan it kolleezje:

1. Is der sicht op om hoefolle ûndernimmers it giet by ús in de gemeente Achtkarspelen?
2. Witte we hjir yn dit hûs ek om hoefolle PAS-melders en hoefolle ynterimmers it giet?
3. Kin en wol it kolleezje om dizze groep ûndernimmers te helpen dit yn gearwurking mei de provinsje oankaarte by de minister yn De Haach?

Foarsitter, PAS-melders hawwe doedestiids wol in fergunning hân, dy't troch de rjochter ûnjildich ferklearre is en hopelik komt hjir wol in Natoerbeskermingswetfergunning foar mar ynterimmers hawwe nea in fergunning hân. It kin en mei neffens de FNP net sa wêze dat dizze gemiddelde boerebedriuwen strak it bern fan de rekkening wurde! Dizze groep boeren hat dochs ek rjocht op besteanssekerheid!

Út namme fan de FNP-fraksje,

Wopke Veenstra

Toelichting van de griffie op de begrippen PAS-melder en interimmer

Op 1 juli 2015 begon het Programma Aanpak Stikstof (PAS). Tijdens dit programma gingen activiteiten met weinig stikstofneerslag onder voorwaarden door. Dit kon met een melding onder de Wet natuurbescherming (Wnb). Het programma was bedoeld om toestemming te geven voor activiteiten die stikstofneerslag veroorzaakten. Tevens ook om de lasten voor de initiatiefnemers van deze activiteiten te verlichten.

PAS-melders
Een PAS-melder is een bedrijf of ondernemer die onder het Programma Aanpak Stikstof (PAS) kon volstaan met een melding van de berekende stikstofbelasting op kwetsbare natuur, zoals een Natura 2000-gebied.

Ondernemers met PAS-meldingen waren tijdens het Programma Aanpak Stikstof (PAS) vrijgesteld van de vergunningsplicht vanwege een beperkte stikstofdepositie. De Raad van State oordeelde in mei 2019 dat het PAS in strijd was met de Europese Habitatrichtlijn en dat deze ondernemers alsnog een vergunning moesten aanvragen.
PAS-melders zijn ondernemers die te goeder trouw handelden. Deze ondernemers kwamen buiten hun schuld in deze situatie terecht.

Interimmers
Een interim-uitbreider heeft tussen aanwijzing van de betrokken Natura 2000-gebieden (vaak 1994) en vóór 1 februari 2009 een wijziging of uitbreiding van zijn bedrijf gedaan, zonder dat hier een natuurvergunning voor is verleend. Volgens de huidige beleidsregels dient het bedrijf toch een natuurvergunning te hebben. Bij (her)financieringen is een natuurvergunning of positieve weigering vereist. Vele interimmers zitten hierdoor in een lastig pakket.